

## Parseberjocht

**It MAMAdiner fan febrewaris 2012 ôf ek yn Grins, Fryslân, Drinte en Oerisel fia Isis Kreamsoarch.**

***Lit dysels bedjerre yn dyn kreamtiid en stypje tagelyk Orange Babies.***

It memmediner is in bysûnder miel iten wêrmei (nije) memmen ekstra bedoarn wurde yn harren kreamtiid. It MAMAdiner is gearstald troch ferneamde topkoks en wurdt taret troch de eigen kreamfersoarchster by it gesin thús. Sûn, fluch en maklik. Nei lansearringen yn ûnderoaren SúdHollân, NoardHollân, Brabân, Fryslân en Grins is it **fan febrewaris 2012 ôf de beurt oan Isis Kreamsoarch dy't it MAMAdiner oanbiedt yn Grins, Fryslân, Drinte en Oerisel.**

Isis Kreamsoarch: dyn coach rûnom de kreamtiid.

Foar Isis is kreamsoarch mear as assistinsje by de befalling en de acht oant tsien dagen kreamsoarch. Mei soarch, richte op belibbing, is Isis der garandearre foar dy, dyn bern en gesin, foar, yn en nei de kreamtiid.

In echt sterreteam fan nije sjefs slút har fia **Isis Kreamsoarch** oan by *Herman den Blijker, Francois Geurds, Ron Blaauw* en *Rudolph van Veen* fan wa't harren MAMAdiner menu's op it stuit fia ferskate kreamsoarchorganisaasjes tamakke wurde.

Michelinsterren-kok **Gilbert van der Heide** fan Frouckje Staete yn Ryptsjerk (Fryslân) 2 Michelinsterren-kok **Seb Smit** fan De Lindenhof yn Giethoorn (Oerisel) en Michelinsterren-kok **Jilt Cazemier** fan De Vlindertún yn Zuidlaren (Drinte) stalle mei-inoar in bysûnder MAMAdiner menu gear dat bestiet út fiif resepten (foar-, nei en 3 haadgerjochten (fisk, fleis en fegetarysk). Yn de resepten wurdt in protte wurke mei spesifike yngrediïnten út de neiste omkriten. De feestlike lansearring sil wêze op **7 febrewaris 2012 yn Frouckje Staete.**

Mei it MAMAdiner bedjerst net allinne dysels en dyn eigen húshâlding mar helpt tagelyk in mem en har berntsje yn Afrika. Want fan alle MAMAdiners wurdt 25 % skonken oan Orange Babies. Krekt genôch om foar 9 moanne hiv medikaasje te beteljen foar in oansteande mem yn Afrika, sadat har berntsje fry fan hiv te wrâldkomme kin. Mei it MAMAdiner bedjerre nije memmen dus harrensels en tagelyk in mem yn Afrika.

By it MAMAdiner krije memmen ek noch in fleurige MAMAdiner boadskippetas en moaie bonnen fan **Walt Disney, Esprit, JehJewels, Goedgemerkt, de Disney Club, Weleda, STROOM Rotterdam, Zoets** en **Yuno**. En boppedat ha de nije memmen kâns op it winnen fan in "Dame de Paris" maternity linzjerset fan Marlies Dekkers!

Mear ynformaasje oer it MAMAdiner: [www.mamadiner.nl](http://www.mamadiner.nl) of [www.isiskraamzorg.nl](http://www.isiskraamzorg.nl)

Folgje it MAMAdiner nijs fia [twitter.com/mamadiner](https://twitter.com/mamadiner) en fia [facebook.com](https://facebook.com/mamadiner)

Foar mear ynformaasje, byldmateriaal en ynterviewfersiken:  
Triple P Entertainment  
Saya Seesing en Pauline Verhoeven  
Telefoan 035-6982106  
Email: [Saya@triplepentertainment.nl](mailto: Saya@triplepentertainment.nl)/[Pauline@triplepentertainment.nl](mailto: Pauline@triplepentertainment.nl)  
[www.triplepentertainment.nl/Twitter.com/triplePpr](http://www.triplepentertainment.nl/Twitter.com/triplePpr)